# Lykwicht sykje

**Kolofon**

ISBN: 978 90 8954 593 0
1e printing 2013
© 2013, Jildou Elgersma

Eksimplaren binne te bestellen by de boekhannel of rjochtstreeks by de útjouwerij:
Utjouwerij Elikser
Ossekop 4
8911 LE Ljouwert
Til: 058 - 289 48 57
www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

# LYKWICHT SYKJE

gedichten

Jildou Elgersma

Elikser
UITGEVERIJ

## Koarddûnser

As in koarddûnser
rin ik op de line fan it libben
sykje lykwicht
tusken freugde en fertriet
tusken it famke en de frou.
As in koarddûnser
sykje ik lykwicht
yn it libben.

Ha gjin noed, want Ik bin mei dy,
wês net bang, want Ik bin dyn God;
Ik meitsje dy sterk en help dy,
ja, Ik hâld dy oerein mei
myn rjochterhân,
dy't alles oerwint.

Jesaja 41:10

## Foarwurd

De iene dei ha ik de wyn yn ’e rêch,
in oare dei moat ik der pal yn op.
Ek binne der dagen dat stoarmen
my omfier driigje te blazen.

Yn dizze twadde dichtbondel
ha ik besocht wurden te jaan
oan de syktocht nei lykwicht yn myn libben.

Ik wol eltsenien betankje dy’t belangstelling
toand hat foar myn foarige bondel
“Finzen tusken libben en dea”.

Fierder wol ik útjouwerij Elikser
betankje dat se my de kâns biede
om myn sieleroersels iepenbier te meitsjen.

Wommels 2013 - Jildou Elgersma

# DIEL I: Swalkje

## Swalkje

Ik swalkje troch it libben
op ’e siik nei lok en leafde

Ik swalkje troch it libben
op ’e siik nei mysels.

## Flechtstreek

Ik libje op de flechtstreek fan it libben;
eangst en ûnwissens meitsje
dat ik net dielnimme doar
oan it deistich barren.

Underwilens glûpt de tiid
my tusken de fingers troch.

## Opsluten

Ik wol gûle oant ik gjin triennen mear ha;

Ik wol prate oant ik gjin wurden mear ha;

Ik wol raze oant ik gjin stim mear ha;

Mar: ik sit opsluten yn mysels.

## Hertsear

Myn lichem
hat altiten ûntholden
wat myn harsens
ferjitte woenen.

Hertsear
komt nei jierren
út har skûlplak,

Wol nei bûten ta
as lava út in fulkaan.